

Provinsjale Steaten fan de Provinsje Fryslân  
Fraksje fan de FNP  
t.a.f. de hear W. Veenstra  
Postbus 20120  
8900 HM LEEUWARDEN

Ljouwert, 15 septimber 2020  
Ferstjoerd,

**16 SEP. 2020**

Ús merkteken : 01791569  
Ôfd/Opjefte : Bestimming Fryslân  
Opsteld troch :   
Jo merkteken :  
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : Beäntwurdjend skriftlike fragen oer de buertbussen yn Fryslân

Achte hear Veenstra,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 41 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 24 augustus 2020 beäntwurdzje wy as neikomt.

*Jo ynlieding:*

*Sûnt it útbrekken fan koroana stean de buertbussen yn Fryslân stil. Mei mar ien tagongsdoar kin in goede fentilaasje net garandearre wurde yn de achtpersoansbuskes. De ritten mei de buertbussen wurde riden mei frijwilligers dy't faak al wat op leeftyd binne, en dêrmei ta de koroana-risikogroep hearre.*

*Ut ûndersyk troch TNO docht bliken dat der by buertbussen noch grutte soargen binne oer de fersprieding fan aerosolen en de tapassing fan kuch-skermen. In ferfolchûndersyk nei de tapassing fan HEPA-filters sil seker net foar oktober klear wêze.*

*Yn Fryslân binne der neffens tsjinstregeling seis buertbuslijnen, benammen yn it súdeasten en súdwesten fan de provinsje. Foaral âlderen en skoalbern brûke de buertbus, dy't essinsjeel is yn in part fan de provinsje dêr't oars gjin iepenbier ferfier is.*

*Boarnen:*

- Friesch Dagblad, 'Buertbus blijft nog wel even stilstaan', 22 augustus 2020; Omrop Fryslân, 'Skerm ôfkard yn buertbus; dy moat oan de kant stean bliuwe', 22 augustus 2020; OVPRO, 'Wanneer kan de buertbus weer de weg op?', 18 augustus 2020.
- TNO, Dr. Jan L. Souman, 'Effectiviteit van schermen in het stads- en streekvervoer (buertbus)', 4 augustus 2020;

*Fraach 1:*

*Is it kolleezje mei ús fan miening dat de buertbussen in wichtich ûnderdiel binne fan it iepenbier ferfier yn Fryslân en dat dy buslijnen sa gau as it kin wer opstart wurde moatte?*

Antwurd fraach 1:

Ja, wy diele de miening fan de FNP dat de buertbussen in wichtich ûnderdiel binne fan it iepenbier ferfier yn Fryslân en wy hoopje dat de buertbussen sa gau as mooglik wer ride kinne. Dêrby is it wol fan belang dat de sûnensrisiko's foar sjauffeurs en passazjiers ta in minimum beheind wurde. Op it stuit fynt der yn lanlik ferbân oerlis plak fan konsesjeferlieners oer hoe't de buertbus-mei-frijwilligers, in inisjatyf dat bot wurdearre wurdt troch reizgers en sjauffeurs, feilich ynsetten wurde kin.

*Fraach 2:*

*Is it kolleezje yn petear mei de konsesjehâlder Arriva oer in oplossing foar wer opstarten fan de buertbussen? Hat Arriva de kapasiteit om gruttere bussen yn te setten op de buertbuslijnen? Wa draacht it finansjele risiko fan sokke maatregels, de konsesjehâlder of de provinsje?*

Antwurd fraach 2:

Yn oerlis mei Arriva wurdt de Opstapper as alternatyf foar de buertbus ynset. Dizze ynset past yn de kontraktôfspraken tusken de provinsje en Arriva. Der is foar dit alternatyf dus gjin sprake fan finansjele risiko's. It alternatyf fan it ynsetten fan gruttere bussen is sjoen beheiningen fan de ynfastruktuer op in part fan de buertbuslinen (te smelle en ûneffen diken) yn kombinaasje mei it beheinde oantal reizgers net passend. Foar it wer opstarten fan de buertbussen moatte de ûndersyksrisseltaten fan TNO oer de fersprieding fan aërosolen yn buertbussen ôfwachte wurde en sil oansluting socht wurde by de lanlike oplossingen. De ûntjouwingen datoangeande binne ûnderwerp fan petear yn it reguliere oerlis tusken provinsje en Arriva.

*Fraach 3:*

*Yn it gefal dat de konsesjehâlder Arriva de nedige kapasiteit net hat, sjocht it kolleezje dan ek nei mooglikheden om it materieel (en personiel) fan Fryske bus-ûndernimmers yn te setten om it probleem fan de buertbuslijnen yn de kommende tiid op te lossen? Is it kolleezje hjiroer al mei de Arriva en de bus-ûndernimmers yn petear? Wat binne de finansjele konsekwinssjes fan sa'n ynset? Sjocht it kolleezje de mooglikheid om ek it Ryk oan te sprekken op in finansjele bydrage, om dêrmei de berikberens en de leefberens fan de oanbelangjende gebieten yn stân te hâlden?*

Antwurd fraach 3:

Arriva hat oanjûn mei it ynsetten fan de Opstapper foarearst genôch kapasiteit te bieden foar it weifallen fan de buertbus. As dit foar de minsken net genôch blykt te wêzen, wurdt sjoen nei in oare oplossing, en nei de mooglike finansjele gefolgen dêrfan, mei mooglik ek in rol foar it Ryk. It is dus op dit stuit net nedich om materieel en/of persoanlik fan Fryske busûndernimmers yn te setten.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

R.E. Bouius - Riemersma, MBA MCM, sekretaris